

Men seit folle dat  
men net leaut en  
men leaut folle dat  
men net seit

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke



## It Jorwert-firus reitsje je net kwyt

Gep Wierstra-Hiddinga (87)  
spile eartiids yn de notaristún en  
is noch altiten in trou besiker

pagina 3 >



## Leeuwarden won in 1962 de Freule

'Als we niet kaatsten, dan mochten  
we niet op het veld. Dat haalde  
ons uit onze concentratie'

pagina 5 >



## Belangstelling voor Finoven is groot

Anke Söhne brengt haar  
meubelstoffeerderij AS in Baard  
in Scandinavische sferen

pagina 15 >

## Besikersrekord foar Unia State yn Bears



Noch nea ha der safolle minsken tagelyk op it terrein fan Uniastate west as op freed 27 july. It wie de finale fan de Spulwike. Goed seishûndert bern, sa'n hûndert lieders en in protte âlders wiene nei Bears takaam om it slot fan it jubileumfeest fan de Spulwike by te wenje. De Spulwike bestie fjirtich jier. Foto: Hinne Bokma

## Fuotbalferiening SDS bestiet 65 jier

# 'Wy groeie út ús jaske, ferlet fan in tredde fjild is grut'

**Easterein** – Op 10 augustus is it op de dei ôf 65 jier lyn dat yn Easterein in ploechje mannen bynoar kaam om in fuotbalferiening op te rjochtsjen. Earst ûnder de namme Voetbal Vereniging Oosterend (VVO). Doe't letter bliken die dat der al in VVO (Easterlittens) wie, waard it SDS.

Dat klubke, dat de earste jierren bestie út in ûngeregeld groepke

spilers en gjin eigen fjild hie, is yn de ôfrûne 65 jier útgroeid ta ien fan de grutste fuotbalferieningen fan de regio. De feriening telt op it stuit 360 leden. En dan giet it om 120 senioaren en 240 jeugdleden. Der binne 25 fjildteams en ien sealfuotbalteam. Ek de froulje binne mei trije teams sterk fertsjintwurdige. De leden komme út fyftjin doarpen om Easterein hinne. By SDS binne se bliid mei al dy

leden. „De klub stiet der goed foar. Mar wy groeie wol út ús jaske”, fertelt foarsitter Douwe Reitsma fan SDS. Dy 25 teams moatte it yn Easterein dwaan mei twa fuotbal-fjilden en dat is der ien te min. Dat betsjut dat der sneons op beide fjilden seis of sân wedstriden spile wurde. Neffens Durk Okkema, foarsitter fan de Technyske Kommisje en foarsitter fan de jubileumkommisje, is dat eins net te dwaan. „De fjilden kinne net mear belest wurde”, sa seit Okkema. SDS hat ferlet fan in tredde fjild, in fjild mei keunstgers. Dan is der mear romte om te spyljen en wurde de trainingsfasiliteiten ferbettere. Ferskate teams wike no foar de training út nei de keunstfjilden yn Snits. Reitsma en Okkema fine eins dat soks foar in klub as SDS net nedich wêze moat. Foar de útwreiding fan it fuotbalkompleks is SDS, tegearre mei eigner Stichting

De Skoalleseize, yn oerlis mei de gemeente Littenseradiel. It keallet swier by de gemeente. Reitsma fynt dat spitich, want in klub as SDS moat de gemeente koesterje. De oanlis fan in tredde fjild kostet neffens him 3,5 à 4 ton. Om dat bedrach kin troch selswurksemens besúnige wurde. It earste team fan SDS spilet kommand seizoen wer yn 'e twadde klasse. Dat dogge se al in jier of trettjin. Ien jier wie der in útstapke nei de earste klasse, mar dat wie te heech grepen. In protte fuotballers keatse simmerdeis. Ofrûne woansdei diene der fjouwers SDS-spilers mei oan de PC yn Frjentsjer. Op de jubileumdei fan SDS, op 10 augustus, wurdt der fansels fuotballe. Moarns de jeugd, middeis de senioaren en de froulju. Jûns is der foar alle leden en âld-leden in feestlike barbecue.

## Ronde fan Reahûs in boppeslach



It op in nij organisearjen fan de Ronde fan Reahûs wie in boppeslach. In protte publyk en in sterk dielnimmersfjild. Foar werhelling fetber. Nei in fûle striid, werby der in kopgroep fan trije dielnimmers ûntstie, wie it by de racefyters Alef de Jong út Amsterdam (earder Makkum), dy't as earste oer de streep kaam. Martijn Ettema út Boalsert waard twadde en Sybolt Kuipers út Snits tredde. By de gewoane fytsen gong de oerwinning nei Halbe Klijnstra út Kûbaard, by de jeugd wûn Jorrit Hofstra.




**Clara**  
PEDICUREPRAKTYK  
medisch pedicure

*Uw voeten in goede handen*

Tjessingawei 8, Hilaard  
M 06 - 55 56 44 08  
T 058 - 251 93 78

[www.pedicurepraktijkclara.nl](http://www.pedicurepraktijkclara.nl)

## Winsum werkt aan vernieuwing van fierljeparena

**Winsum** - Dit jaar een nieuwe tribune, volgend jaar een nieuwe kleedruimte voor de fierljeppers. De Stichting Fierljepakkommodaasje Winsum, die op zaterdag 11 augustus de Friese kampioenschappen organiseert, gaat zowel voor de toeschouwers als de deelnemers de fierljeparena aanpassen. „We binne oan it fernijen”, zegt voorzitter Janeth van Elsloo van de Stichting Fierljepakkommodaasje Winsum.

De wagens voor de genodigden verdwijnen en maken plaats voor een tribune. Deze voormalige KNKB-tribune biedt plaats aan 350 mensen. „It koe sa net mear”, vindt Van Elsloo. Ook de kleedruimte, waar de fierljeppers zich omkleeden, is niet meer van deze tijd. „Der binne plannen foar in nije omklaairomte foar de ljeppers”, zo geeft de voorzitter aan.

Bij haar aantreden als voorzitter, in 2010, gaf Van Elsloo al aan dat ze wilde werken aan een verdere groei van de fierljepsport in Winsum. Ze zei te streven naar meer toeschouwers bij de Friese kampioenschappen. Daarbij had ze het over drieduizend bezoekers. Daarvoor is het nodig de accommodatie in Winsum om te bouwen tot een fierljeparena met betere faciliteiten voor publiek en ljeppers.

In Winsum komen de 48 beste fierljeppers van Friesland in actie. Grote favoriet voor de Friese titel is natuurlijk Bart Helmholt. De fierljepvereniging Winsum levert vier deelnemers. In de overgangsklasse komen Sybe Bergsma (Earnewâld) en Foppe Jan Jonker (Winsum) uit. Bij de jongens gaat het om Jelmer Wijnstra uit Yzum en Thijs Faassen uit Oosterbierum.



Tuinaanleg  
Oprijt  
Fundering  
Sloopwerk

**Van der Velde**  
kraanverhuur

Tel. 05115 333 530 | 06 2421 8174  
[www.vandervelde-kraanverhuur.nl](http://www.vandervelde-kraanverhuur.nl)